

Gedrachskoade Yntegriteit Provinsjale steaten fan Fryslân 2017

Yntroduksje

Ynteger hanneljen is in wichtich betingst foar it funksjonearjen fan folksfertsjintwurdiger en bestjoerder, sa ek yn Fryslân. Hoe wichtich oft wy it fine dat folksfertsjintwurdigers ynteger hannelje, docht wol bliken sadree't der in kwestje nei bûten komt fan immen dy't bûten it boekje gien is. Dyjinge komt dan breedút yn it nijs en draacht it stimpel foar altyd mei. Elk kin dêr wol foarbylden by betinke. It oansjen fan de polityk as gehiel wurdt dan tagelyk skea dien. De goeden moatte it mei de tsjoeden belije. Alle leden fan provinsjale steaten wolle fansels dat de ynwenners fan Fryslân der fan op oan kinne dat hja ferstannich omgeande mei de posysje dy't se beklaaie. Steateleden ferfolje wat dat oangiet in foarbyldfunksje foar de mienskip.

Ynteger hanneljen freget om in aktive hâlding en om wach-wêzen. Ynteger wêze is in goed ding mar ynteger bliuwe freget ûnderhâld. It freget om selsrefleksje en selskennis. Want dêr't de splinter yn oarremans each wol sjoen wurdt, is it sjen fan de balke yn it eigen each somtiden dreech.

Ynteger hanneljen begjint mei it witten wat men wol en net dwaan kin. Hokker regels jilde? Moatte wy ús hâlden en dragen oanpasse? Somtiden dûke der ûnferwachte dilemma's op: hoe hannelet in steatelid bygelyks by in beslút oer in nije wei dy't flak by it hûs fan in famyljelid del giet? Hokker ôfwagings makket it steatelid dan en hoe dielt hy ynformaasje yn de eigen fraksje?

Om soksoarte ôfwagings meitsje te kinnen, is in iepen dialooch fan grut belang. As we dit soarte dilemma's mei elkoar diele, helpe wy elkoar by it bepalen fan wat no wol en net kin. Fansels is it ek mooglik om dy kwestjes te bepraten mei de fraksjefoarsitter, de griffier of mei my.

As kommissaris fan de Kening hâld ik tafersjoch op de yntegriteit. Graach wurkje ik der mei jo oan om ek op dit stik fan saken de namme fan ús provinsje heech te hâlden.

Drs. A.A.M. Brok

Provinsjale steaten fan Fryslân; lêzen hawwende it útstel fan it presidium fan 15 novimber 2017; mei it each op artikel 15, tredde lid, fan de Provinsjewet, beslute om fêst te stellen de Gedrachskoade Yntegriteit provinsjale steaten fan Fryslân 2017.

Ynlieding

Dizze ynlieding makket yntegraal ûnderdiel út fan dizze gedrachskoade. Goed bestjoer is ynteger bestjoer. Dêrmei is yntegriteit net allinne in ferantwurdlikheid fan de yndividuele politike amtsdragers, mar in mienskiplik belang dat de hiele organisaasje en it hiele bestjoer yn al syn lagen oangiet. De gedrachskoade rjocht him dêrom sawol ta de yndividuele amtsdragers as ta de bestjoersorganen. Us demokratysk systeem en de demokratyske prosessen kinne net sûnder ynteger funksjonearjende organen en funksjonarissen.

Yntegriteit fan politike amtsdragers ferwiist nei de soarchfâldigens dy't politike amtsdragers betrachtsje moatte by it ynfolgen fan harren rol yn de demokratyske rjochtssteat. Dat betsjut de ferantwurdlikens nimme dy't mei de funksje gearhinget en ree wêze om ferantwurdiging ôf te lizzen, oan kollega-bestjoerders en/of (leden fan) de folksfertsjintwurdiging en foar alles oan de boarger. Yn de demokratyske rjochtssteat moat elkenien him hâlde oan de wetten en regels dy't op demokratyske wize fêststeld binne. Dat jildt wis foar de politike amtsdragers dy't (mei)ferantwurdlik binne foar it ta stân kommen fan dy wetten en regels. Dêrsûnder sil it betrouwen yn de demokratyske rjochtssteat ûndermine wurde en it draachflak foar it neilibjen fan de wetten en regels ferdwinen. Utgongspunt foar de politike amtsdrager is dan ek de eed of belofte dy't de politike amtsdrager by de oanfurdiging fan it amt ôfleit. Yntegriteit is net allinne in kwestje fan regels, mar sjocht ek op de ûnderlinge omgongsfoarmen. In respektfolle omgong mei boargers en ynstânsjes, tusken politike amtsdragers ûnderinoar en tusken politike amtsdragers en meiwurkers, mei behâld fan eigen politike ynhâld en styl, is fan grut belang.

De folksfertsjintwurdiging stelt sawol foar de eigen leden as foar de deistich bestjoerders (foarsitter en oare leden fan it deistich bestjoer) in gedrachskoade fêst. Dat is sa fêstlein yn de Provinsjewet. De gedrachskoade is in rjochtsnoer foar it hanneljen fan yndividuele politike amtsdragers en hat as doel om harren te stypjen by it ynfolgen fan harren ferantwurdlikens foar de yntegriteit fan it iepenbier bestjoer. Foar de twa groepen fan politike amtsdragers (folksfertsjintwurdigers en deistige bestjoerders) is der in aparte gedrachskoade. Dizze gedrachskoade slacht op de provinsjale folksfertsjintwurdigers, te witten steateleden. In protte bepalingen binne foar de folksfertsjintwurdigers en de deistich bestjoerders gelyk. Der binne ek ferskillen. Dy hawwe te krijen mei de steatsrjochtlike posysjes en mei de foar harren jildende wetlike (yntegriteit)regels.

Provinsjale steaten binne in polityk orgaan. Yn de folksfertsjintwurdigingen wurde spesifike of (partij-)politike belangen ynbrocht foar it algemien belang fan de provinsje. Dy politike amtsdragers krije it mandaat fan harren kiezers en de gedrachskoade moat it ferfoljen fan it amt stypje. It hanneljen fan it deistich bestjoer en fan de bestjoerders stiet yn tsjinst fan de provinsje. De amtsdragers oan wa't en de organen wêroan't it deistich bestjoer opdroegen is, binne oer harren bestjoerlik hanneljen en oer harren funksjonearjen ferantwurdig skuldich oan de folksfertsjintwurdigjende organen.

Oan it deistich bestjoer en de bestjoerders wurde ek yn de gedrachskoade bysûndere easken steld om optimale iepenens en kontrolearberens mooglik te meitsjen. It rjochtskarakter fan de gedrachskoade is dat fan in ynterne regeling, as neiere ynfolling en konkretisearring fan de wetlike regels. De gedrachskoade befettet, yn oanfolling op wetlike regels, gedrachsoarmen en regels oer prosedueren dy't de transparânsje fan it hanneljen fan politike amtsdragers lykas ek fan de beslútfoarming oer en it neilibjen fan de noarmen fergrutsje. De koade foarmet in beoardielingsramt en in leitried by twivel, fragen en diskusjes. It net neilibjen fan de gedrachskoade hat gjin rjochtsgefolgen. Der is sprake fan selsbining. De regels wurde yn mienskiplik debat fêststeld troch de politike amtsdragers sels. Yn dat ljocht moatte de regels yn de koade besjoen wurde. Dat makket de gedrachskoade lykwols net frijbljuwend. De folksfertsjintwurdigers kinne dêrop oansprutsen wurde en hja moatte harren oer it neilibjen derfan ferantwurdzje. It net neilibjen fan de gedrachskoade kin dus wol ûnderdiel wurde fan polityk debat en politike gefolgen hawwe. Yntegriteit is in tema dat betsjutting kriget yn it hanneljen.

In yntegriteitsbelied dat inkeld op papier bestiet is mar in deade letter. Dêrom moat it hanneljen fan politike amtsdragers regelmjittich ûnderwerp fan petear wêze, krekt ek ûnderling, en ek dêr jout de gedrachskoade stipe by. De koade en de útstelde registraasjes binne ynstruminten. Yntegriteit is úteinlik net yn regels te fangen. Yn de wurden fan de skriuwer C.S. Lewis giet it om 'doing the right thing, even when no one is watching'. Ynteger hanneljen kin allinne mar yn in kultuer en organisaasje dêr't ek de oare wearden fan goed bestjoer neistribbe wurde.

De Nederlandse Code voor Goed Openbaar Bestuur (23 juny 2009) beneamt in stikmannich kearnwearden fan goed iepenbier bestjoer. Yntegriteit wurdt dêryn yn ien azem neamd mei iepenens. 'Openheid en integriteit': "het bestuur is open en integer en maak duidelijk wat het daaronder verstaat". De wetjouwing (en de gedrachskoade yn oanfolling dêrop) befettet ferskate foarskriften oangeande iepenens mei it each op yntegriteit. Dy foarskriften slagge op iepenbier meitsjen fan njonkenfunksjes en/of njonkenynkomsten, fan gesinken, bûtenlânske reizen, ekskurzjes en eveneminten. De registraasjes yn de koaden binne bedoeld om de transparânsje te befoarderjen dy't belangeferfrisseling en ûnferantwurde en/of ûnkrrekt gebrûk fan publike middels troch politike amtsdragers tsjingeane moatte. De politike amtsdrager is primêr sels ferantwurdlik foar syn yntegriteit en hy (wêr't hy stiet kin ek sy lêzen wurde) sil him dêr yn alle iepenens oer ferantwurdzje moatte.

De Nederlandse Code voor Goed Openbaar Bestuur ferbynt iepenens en yntegriteit mei de kearnwearden partisipaasje, behoarlike kontakten lizze mei boargers, doelberettens en doemjittigens, legitimiteit, learen en selshimmeljend fermogen en ferantwurdig. Al dy kearnwearden klinke yn ferskillende mjitte troch yn de hjirnei folgjende gedrachskoade. De Nederlandse Code voor Goed Openbaar Bestuur befettet basale begjinsels fan goed iepenbier bestjoer en is in ynformeel ynstrumint dat in berop docht op de eigen ferantwurdlikens fan bestjoeren fan gemeenten, wetterskippen, provinsjes en it ryk om gewisfefol ynfolling te jaan oan harren taken en ferantwurdlikheden yn it iepenbier bestjoer. De Code befettet gjin juridysk ôf te twingen noarmen.

Kearnbegripen yntegriteit foar politike amtsdragers

Leden fan it algemien bestjoer fan de provinsje stelle by harren hanneljen de kwaliteit fan it iepenbier bestjoer sintraal. Yntegriteit fan it iepenbier bestjoer is dêrfoar in wichtich betingst. De belangen fan de provinsje en yn it ferlingde dêrfan dy fan de boargers, binne it primêre rjochtsnoer. Yntegriteit fan steateleden hâldt yn dat de ferantwurdlikens dy't mei de funksje gearhinget, oanfurdige wurdt en dat de reewilligens der is om dêr ferantwurdig oer ôf te lizzen. Ferantwurdig wurdt yntern ôflein oan kollega-folksfertsjintwurdigers, mar ek ekstern oan organisaasjes en boargers foar wa't de keazen folksfertsjintwurdigers harren funksje ferfolje. In stikmannich kearnbegripen binne dêrby liedend en sette yntegriteit fan steateleden yn in breder perspektyf.

Tsjinstberens

It hanneljen fan in politike amtsdrager is altyd en folslein rjochte op it belang fan de provinsje en op de organisaasje en boargers dy't dêr ûnderdiel fan útmeitsje.

Funksjonaliteit

It hanneljen fan in politike amtsdrager hat in werkenber ferbân mei de funksje dy't hy ferfollet yn it bestjoer.

Unôfhinklikens

It hanneljen fan in politike amtsdrager wurdt skaaimerke troch ûnpartijdigens, dat wol sizze dat him gjin ferminging foardocht mei ûneigentlike belangen en dat elk elke skyn fan sokke ferminging mijd wurdt.

Iepenens

It hanneljen fan in politike amtsdrager is transparant, sadat optimale ferantwurding mooglik is en de kontrolearjende organen folslein ynsjoch hawwe yn it hanneljen fan de politike amtsdrager en syn driuwfear dêrby.

Betrouberens

Op in politike amtsdrager moat men rekkenje kinne. Dy hâldt him oan syn ôfspraken. Kennis en ynformaasje dy't hy op grûn fan syn funksje ta syn foldwaan hat, brûkt hy foar it doel dêr't dy foar jûn binne.

Soarchfâldigens

It hanneljen fan in politike amtsdrager is sadanich dat alle organisaasjes en boargers op gelikense wize en mei respekt bejegene wurde en dat belangen fan partijen op krekte wize ôfwoegen wurde.

Dy kearnbegripen binne de toetsstien foar de no folgjende gedrachsofspraken.

Paragraaf 1. Algemiene Bepalingen

Kêst 1.1

Dizze gedrachskoade jildt foar de steateleden en earstopfolgjenden, mar rjochtet him ek ta de bestjoersorganen.

Kêst 1.2

De gedrachskoade is iepenbier en fia ynternet beskikber.

Kêst 1.3

Yn gefallen dêr't de koade net yn foarsjocht of dêr't de tapassing net ûndûbelsinnich is, sil besprek yn provinsjale steaten wêze.

Kêst 1.4

Steateleden krije by harren oantreden in eksimplaar fan de koade.

Kêst 1.5

Steateleden kinne oansprutsen wurde op it neilibjen fan dizze koade.

Paragraaf 2. Tefoarenkommen fan belangeferfrissing

Kêst 2

1. It steatelid leveret de griffier de ynformaasje oan oer de (njonken)funksjes dy't iepenbier makke wurde moatte, by oanfang fan it steatelidmaatskip. As geandewei it lidmaatskip in nije (njonken)funksje oanfurdige wurdt of de omstannichheden oangeande in besteande (njonken)funksje feroarje, wurdt de ynformaasje dy't dêr mei te krijen hat, yntiids oanlevere by de griffier.
2. De ynformaasje giet yn elts gefal oer:
 - a. de omskriuwing fan de (njonken)funksje;
 - b. de organisaasje dêr't de (njonken)funksje foar dien wurdt;
 - c. oft it wol of net om in (njonken)funksje giet op grûn fan it amt;
 - d. oft de (njonken)funksje besoldige of ûnbesoldige is.
3. De griffier leit hjirfoar in register oan en beheart dat register. It register is iepenbier en fia ynternet beskikber.

Paragraaf 3. Ynformaasje

Kêst 3.1

It steatelid soarget derfoar dat betroulike en geheime ynformaasje dy't hy ta syn foldwaan hat, feilich bewarre wurdt.

Kêst 3.2

It steatelid makket net foar himsels of foar tredde gebrûk fan yn de útoefening fan it amt krige net-iepenbiere ynformaasje.

Paragraaf 4. Omgean mei geskinen en útnûgingen

Kêst 4.1

1. It steatelid akseptearret gjin geskinen, fasiliteiten en tsjinsten as syn ûnôfhinklike posysje dêrtroch beynfloede wurde kin.
2. Mei behâld fan it earste lid kin it steatelid ynsidintele geskinen dy't in rûsde wearde fan op syn heechst € 50 fertsjintwurdigje hâlde.
3. Geskinen dy't it steatelid op grûn fan syn amt kriget en dy't in rûsde wearde fan mear as € 50 fertsjintwurdigje wurde, as se net weromstjoerd wurde, eigendom fan de provinsje.
4. De griffier leit in register oan fan de geskinen mei in rûsde wearde fan mear as € 50. Yn it register is oanjûn hokker bestimming oft de provinsje deroan jûn hat. It register is iepenbier en fia ynternet beskikber.
5. Geskinen wurde net op it hûsadres ûntfongen.

Kêst 4.2

1. Dielnimmen oan ekskurzjes en eveneminten foar rekken fan oaren as de provinsje makket it steatelid binnen ien wike nei dielnimmen iepenbier. De griffier leit hjir in register foar oan en beheart dat register. Dêrby wurdt ek iepenbier makke wa't de kosten foar syn rekken nommen hat.
2. De ynformaasje is iepenbier en fia ynternet beskikber.

Kêst 4.3

1. In steatelid meldt de griffier de ûndernommen bûtenlânske reizen foar rekken fan oaren as de provinsje binnen ien wike nei weromkommen yn Nederlân. Hy meldt yn elts gefal it doel, de bestimming en de doer fan de reis en wat de kosten derfan wienen.
2. De griffier leit hjir in register foar oan en beheart dat register. It register is iepenbier en fia ynternet beskikber.

Paragraaf 5. Brûken fan foarsjenningen fan de provinsje

Kêst 5.1

1. It bestjoersorgaan rjochtet de finansjele en administrative organisaasje sa yn, dat der in krekt byld mooglik is fan de krektens en rjochtmjittigens fan de útjeften en hantearje heldere prosedueren oer de wize hoe't funksjonele útjeften streekrjocht yn rekken brocht wurde of deklarearre wurde kinne by de provinsje.
2. It steatelid ferantwurdet him oer syn gebrûk fan de foarsjenningen neffens de yn it ramt fan it earste lid fêstleine regels en prosedueren.

Kêst 5.2

It steatelid deklarearret gjin kosten dy't al op oare wize fergoede wurde.

Kêst 5.3

It brûken fan foarsjenningen en eigendommen fan de provinsje foar jinsels of foar treden is net tastien, útsein as dêr oare ôfspraken oer makke binne.

Paragraaf 6. Utfieren gedrachskoade

Kêst 6.1

Provinsjale steaten befoarderje de ûndûbelsinnige ynterpretaasje fan de gedrachskoade. Yn gefal fan leemten en ûndúdlikheden yn de gedrachskoade, foarsjogge hja dêryn.

Kêst 6.2

1. Op útstel fan de kommissaris fan de Kening meitsje provinsjale steaten yn elts gefal ôfspraken oer:

- a. it periodike bepraten fan it ûnderwerp yntegriteit yn it algemien en fan de gedrachskoade yn it bysûnder;
 - b. it oanwizen fan kontaktpersoanen of oansprekpunten yntegriteit;
 - c. de prosesstappen dy't folge wurde yn gefal fan in fermoeden fan skeinen fan de yntegriteit troch in politike amtsdrager fan de provinsje.
2. De ôfspraken lykas bedoeld yn it earste lid, meitsje diel út fan dizze gedrachskoade.
 3. Dizze gedrachskoade wurdt ienkear yn 'e twa jier aktualisearre as dat nedich is.

Taljochting

Paragraaf 1. Algemiene bepalingen

Wetlike grûnslach

Provinsjale steaten stelle in gedrachskoade fêst foar harren leden (kêst 15, tredde lid fan de Provinsjewet).

Paragraaf 2. Tefoarenkommen fan belangeferfrissing

Wetlik ramt

Oflizzen eed of belofte (kêst 14 Provinsjewet).

Ear't hja harren funksje útoefenje kinne, lizze de steateleden, yn hannen fan de foarsitter, de neikommende eed (ferklearring of belofte) ôf.

Ik swar (ferklearje) dat ik, om ta lid fan provinsjale steaten beneamd te wurden, streekrjocht noch midlik, ûnder wat namme of wat ferlechje ek, hokker jefte of geunst dan ek jûn of ûnthjitten haw.

Ik swar (ferklearje en ûnthjit) dat ik, om eat yn dit amt te dwaan of te litten, streekrjocht noch midlik hokker geskink of hokker ûnthjit dan ek oannommen haw of oannimme sil.

Ik swar (ûnthjit) dat ik trou wêze sil oan 'e Grûnwet, dat ik de wetten neikomme sil en dat ik myn plichten as lid fan provinsjale steaten yn alle oprjochtens ferfolje sil.

Sa wier helpe my God Almachtich
of

Dat ferklearje en ûnthjit ik

Swar = eed
ferklearring = belofte

Persoanlike belangen

In lid fan de folksfertsjintwurdiging nimt net diel oan de stemming oer:

- in oangelegenheid dy't him streekrjocht of midlik persoanlik oangiet of dêr't hy as fertsjintwurdiger by belutsen is;
- it fêststellen of goedkarren fan in rekken fan in lichem dêr't hy rekkenplichtich oan is of ta it bestjoer wêrfan't hy heart (kêst 18 Provinsjewet).

It bestjoersorgaan wekket dertsjin dat ta it bestjoersorgaan hearrende of dêrfoar wurksume persoanen dy't in persoanlik belang by in beslút hawwe, de beslútfarming beynfloedzje (kêst 2:4, twadde lid, Algemiene Wet Bestjoersrjocht).

Ynkompatibiliteiten en njonkenfunksjes

- Ferbeane oerienkomsten/hannelingen: folksfertsjintwurdigers meie yn skelen, dêr't it de provinsje of it provinsjebestjoer partij is, net as abbekaats, adviseur of lêsthawwer wurksum wêze. Hja meie bepaalde oerienkomsten, dêr't de provinsje by belutsen is, net streekrjocht of midlik oangean. Fan ferbeane oerienkomsten kin ûntheffing ferliend wurde (kêst 15, earste en twadde lid, Provinsjewet).
- Op oerrêding stiet úteinlik de sanksje fan skorsing en ferfallenferklearring fan it lidmaatskip fan de folksfertsjintwurdiging (kêsten X7, X7a en X8 Kieswet).
- Unferienigberens fan funksjes: it folksfertsjintwurdiger-wêzen slút it hawwen fan in stikmannich oare funksjes út (kêst 13 Provinsjewet). It hawwen fan sokke oare funksjes liedt der úteinlik ta dat belutsene ophâldt lid te wêzen fan de folksfertsjintwurdiging (kêst X1 Kieswet).
- Iepenbiermeitsjen njonkenfunksjes: folksfertsjintwurdigers meitsje iepenbier hokker njonkenfunksjes oft hja ferfolje. De list mei njonkenfunksjes kin ynsjoen wurde op it provinsjehûs (kêst 11 Provinsjewet).

Taljochting

It giet oer in útwurking fan de wetlike ferplichting om njonkenfunksjes iepenbier te meitsjen. De ynformaasje wurdt yn in iepenbier register dellein. It steatelid is ferantwurdlik foar yntiids oanleverjen fan de ynformaasje en foar de aktualiteit dêrfan.

Paragraaf 3. Ynformaasje

Ynformaasjeplicht

Deputearre steaten en elk fan harren leden binne ferplichte om alle ynljochtingen te jaan dy't de folksfertsjintwurdiging nedich hat foar it útoefenjen fan syn taak. It giet om sawol in aktive as in passive ynformaasjeplicht. Ek as yndividuele folksfertsjintwurdigers om ynformaasje freegje, sil dy ynformaasje oan de folksfertsjintwurdiging jûn wurde moatte. De ynformaasje kin allinne wegere wurde as dy yn striid is mei it iepenbier belang (kêst 167 Provinsjewet). It Reglemint fan Oarder foar provinsjale steaten kin bepalingen befetsje dy't ynformaasjeferstrekking en de omgong mei ynformaasje oanbelange.

Geheimhâlding

- Elk wa't belutsen is by de útfiering fan de taak fan in bestjoersorgaan en dêrby gegevens ta syn foldwaan kriget dêr't hy it betroulike karakter fan ken of reedlikerwiis fan tinken hawwe kin, en foar wa't net al op grûn fan fan amt, berop of wetlik foarskrift oangeande dy gegevens in geheimhâldingsplicht jildt, is ferplichte ta geheimhâlden fan dy gegevens, útsein foarsafier't hokker wetlik foarskrift dan ek him ta meidieling ferplichtet of út syn taak de needsaak ta meidielen fuortfloeit (kêst 2:5 Algemene Wet Bestjoersrjocht).
- Deputearre steaten kinne op grûn fan in belang, neamd yn kêst 10 fan de Wet Iepenbierheid fan Bestjoer, geheimhâlding oplizze. Ek de kommissaris fan de Kening hat dat foech. De geheimhâldingsplicht moat befêstige wurde troch de folksfertsjintwurdiging. Ek provinsjale steaten respektivelik (de foarsitter fan) in kommisje kinne geheimhâlding oplizze (kêsten 25, 55 en 91 Provinsjewet).
- It skeinen fan de geheimhâldingsplicht is in misdriu (kêst 272 Wetboek fan Strafrjocht).

Taljochting

Kêst 3.1

It is wichtich om de krekte maatregels te treffen om tefoaren te kommen dat net-foechhawwers betroulike en/of geheime gegevens ta har foldwaan hawwe, rieplachtsje kinne of skeine kinne. Dêrby moat yn de digitale setting tocht wurde oan it befeiligjen fan de kompjûter, smartphones ensafuorthinne mei wachtwurden en it net ûnbeheard efterlitten fan ynformaasjedragers mei betroulike/geheime ynformaasje.

Paragraaf 4. Omgean mei geskinen en útnûgings

Wetlik ramt

Oflizzen eed of belofte

De eed of belofte dy't it steatelid op grûn fan kêst 14 fan de Provinsjewet ôflizze moat, slacht ûnder mear op it jaan, oannimmen of tasizzen fan jeften, geunsten of geskinen. Sjoch foar de wetstekst oangeande de eed of belofte it wetlik ramt ûnder 2 foar de bepalingen om belangeferfrissing tefoaren te kommen.

Taljochting

Kêst 4.1

Yn de gedrachskoade is útgangspunt dat geskinen, fasiliteiten en tsjinsten net akseptearre wurde as dêrmei de ûnôfhinklike posysje fan it steatelid beynfloede wurde kin. Dat is yn elts gefal oan 'e oarder yn ûnderhannelingssitewaasjes. Is dêr gjin sprake fan dan kinne om praktyske reden ynsidintele lytse geskinen (mei in rûsde wearde fan € 50 of minder) troch it steatelid oanfurdige wurde, lykwols nea op it hûsadres. Djoerdere geskinen wurde net oanfurdige. Dy wurde weromstjoerd of eigendom fan de provinsje dy't soarget foar in goede bestimming fan it geskin. Yn in iepenbier register wurde opnommen hokfoar geskinen fan mear as € 50 oft de provinsje oanfurdige hat en hokfoar bestimming oft dêr oan jûn is.

Kêsten 4.2 en 4.3

It giet hjir om ekskurzjes, eveneminten en bûtenlânske reizen dy't belutsene as steatelid oanfurdiget. Ekskurzjes, eveneminten en bûtenlânske reizen yn de hoedanigens fan lid fan in politike partij falle hjir dus net ûnder.

Paragraaf 5. Brûken fan foarsjenningen fan de provinsje

Wetlik ramt

Proseduere fan deklaraasje (modeloarderingen VNG en IPO):

Der binne foar steateleden foarskriften opnommen yn de provinsjale oardering oer de wize fan deklaraasje (ynklusyf it oerlizzen fan bewiisstikken) fan foarútbetelle (saaklike) kosten en oer streekrjochte fakturrearring fan (saaklike) kosten by de provinsje. Yn de provinsjale oardering foar deputearren binne ek foarskriften opnommen oer it (saaklik) brûken fan in provinsjale creditcard.

Bûtenlânske tsjinstreis foar steateleden (modeloarderingen VNG en IPO):

As it steatelid yn it provinsjaal belang in reis bûten Nederlân makket, wurde de yn ridlikheid makke needsaaklike reis- en ferbliuwskosten fergoede. Foar in reis yn it provinsjaal belang bûten Nederlân, dy't net in reis nei in Europeeske ynstelling is, is foarôf tastimming fan provinsjale steaten fereaske. Provinsjale steaten kinne oan dy tastimming betingsten ferbine.

Taljochting

Kêst 5.1

Oan steateleden wurde rjochtsposisjonele foarsjenningen, fergoedingen en oare ferstrekkings jûn dy't in goed funksjonearjen fan de folksfertsjintwurdigers mooglik meitsje.

Wat de útwurking fan de prinsipes fan dat stelsel oanbelanget, soe oansletten wurde kinne by de wurkwiize yn it Foarsjenningebeslút dat jildt foar ministers en steatssekretarissen:

- a. yn begjinsel wurde foarsjenningen en ferstrekkings yn brûkliken ta beskikking steld;
- b. as in foarsjenning of ferstrekking net yn brûkliken ta beskikking steld wurde kin, wurdt de faktuer direkt op lêst fan de begrutting fan it bestjoersorgaan betelle;
- c. it fergoedzjen fan foarsjenningen en ferstrekkings efterôf troch it yntsjinjen fan deklaraasjes, wurdt ta in minimum beheind;
- d. foarsjenningen, ferstrekkings en deklaraasjes wurde alle moannen iepenbier makke op ynternet.

Utgangspunt is hjir dat sa min mooglik útjeften troch de bestjoerder sels dien wurde fia syn priveerekken. Jildstreamen tusken de rekken fan it bestjoersorgaan en de persoanlike rekken fan it steatelid meitsje in swierdere kontrôle op de útjeften needsaaklik.

It steatelid sil him út soarte sekuer hâlde moatte oan de regels en prosedueren dy't der mei it each dêrop foar him jilde.

Kêst 5.3

Stelregel is dat priveegebrûk fan provinsjale foarsjenningen net tastien is. Wol hawwe organisaasjes mooglik in spesifike regeling dy't priveegebrûk fan bedriuwsmiddels regulearret, lykas priveegebrûk fan in mobile telefoan.

Paragraaf 6. Utfiering gedrachskoade

Kêst 6.1

Provinsjale steaten binne it heechste bestjoersorgaan en as sadanich ferantwurdlik foar de ynhâld fan de gedrachskoade, foar in ûndûbelsinnige ynterpretaasje dêrfan en foar wiziging/oanfolling dêrfan by ûndúdlikens of leemten.

Kêst 6.2

De Provinsjewet ferplichtet provinsjale steaten om foar harrensels en foar de bestjoerders in gedrachskoade fêst te stellen.

Oanfoljend op de wetlike regels dy't jilde foar politike amtsdragers, befettet de gedrachskoade in stikmannich materiële noarmen dêr't de politike amtsdragers harren oan kommittearje.

De kommissaris fan de Kening kriget de wetlike taak om de bestjoerlike yntegriteit fan syn provinsje te befoarderjen. Dêrmei is de ferantwurdlikens foar de portefúlje 'yntegriteit' dúdlik belein. De wetlike bepalingen jouwe de romte om neffens sitewaasje hanneljend op te treden, dêr't net allinne by tocht wurde moat oan it optreden by ynsidinten.

Wichtich ûnderdiel is ek de previnsje: derfoar te soargjen dat yntegriteit en yntegriteitsbewustwêzen yn de bestjoerlike gremia in plak krij en dêrby ôfspraken te meitsjen oer in geregeld besprek fan it tema yntegriteit, sawol mei de folksfertsjintwurdiging as binnen it bestjoer. De kommissaris fan de Kening hoecht hjir net allinne foar te stean. In dêrta oanwiisde kontaktpersoan of betrouwenspersoan, de griffier, kin hjir yn relaasje ta provinsjale steaten ek in wichtige rol yn spylje.

It is ek goed yn te tinken dat provinsjale steaten mei de kommissaris fan de Kening neiere ôfspraken meitsje oer de wurkwize dy't folge wurdt yn it gefal dat him in ynsidint of in fermoeden fan skeinen fan de yntegriteit foardocht. Dat jout hâldfêst en rêst op it stuit dat der hannele wurde moat.

Al dizze prosessuele en prosedurele ôfspraken kinne ûnderdiel útmeitsje fan de gedrachskoade. De ûnderwerpen neamd yn kêst 6.2, earste lid, binne net útputtend.